



Peaske

Winnend liet fan de Bernard Smilde Priis 2015

tekst Margryt Poortstra

1 De kreft fan leaf - de is net stoarn,
sa wit - te wy op Peas - ke - moarn.
Dwers troch de nacht fan it be - stean
wol Hy dy't op - stie, mei ús gean.
2 Dy't sels de wei, de wier - heid wie,
kaam op foar wa't de macht net - hie.
Hy hat in earm om stum - pers slein
en holp de lam - me wer oer - ein

muzyk Geart van der Heide

3 En hjoed, mei syn ferrizenis,
befrijt Hy elk dy't finzen is
yn skuld en bangens, want foargoed
jout Hy ús minsken hoop en moed.

4 Wy kinne 't libben sa wer oan.
't Ferhaal fan dizze Minskesoan
helpt ús om sels ek op te stean
en op syn wegen troch te gean.

De tekst fan dit liet is bekroane mei de Bernard Smilde Priis 2015,
de priisfraach dy't Krúspunt útskreaun hat foar in nij Frysk Peaskeliet.
It is foar it earst songen op de Krúspuntdei fan 21 maart 2015 yn Akkrum.